

**SKRIFTLIKE FRAGEN, ex artikel 42 Reglement van Orde**

Rjochte oan DS / lid DS	Deputearre Sietske Poepjes
Ynljedende taljochting (fakultatyf)	<p>Op tiisdei 13 april hat de gemeente Waadhoeke in (digitale) publyks-sesje oer it opwekken fan duorsume enerzjy. Dêrby komt it ûntwikkeljen fan in grutskalich 'enerzjylânskip' oan de oarder, ûnder oaren mei 'sinnegreiden'. Sinneparken moatte op maksimaal 4 km fan in ûnderstasjon fan Tennet oanlein wurde; neffens de Duurzaamheidsagenda<sup>1</sup> fan Waadhoeke stiet dat stasjon by Hjerbeam.</p> <p>Yn de Duurzaamheidsaginda wurdt sprutsen oer mooglik wol 800 hektare sinnepark yn Waadhoeke dat by foarkar klustere oanlein wurdt. Sa'n sinnepark hat in tige grut effekt op it lânskip, en it is dan ek net frjemd dat ynwenners yn de streek soarch hawwe oer de plannen.</p>
Fraach / fragen	<p>1. Is it kolleezje fan Deputearre Steaten op de hichte fan de plannen fan de gemeente Waadhoeke? Hat der yn it foar oerlis west mei de provinsje om te hifkjen oft de plannen wol passe binnen de hjoeddeistige wet- en regeljouwing, dêrby ynbegrepen de regels fan de provinsje?</p> <p>2. Hoe ferhâlde de plannen har ta de sinneljedder dy't mei op oantrunen fan it CDA en 50PLUS yn de Steaten ynfierd is en op it stuit liedend is by de ôfwaging?</p> <p>3. Hoe ferhâlde de plannen har ta de regel yn de feroardering Romte dat de omfang fan in opstelling ôfstimd is op de enerzjybehoefte fan skaal fan de kearn, en past by de skaal fan de kearn?</p> <p>4. Wat fynt it kolleezje fan de plannen en it idee dat libbet by it kolleezje yn Waadhoeke dat it as gemeente sels yn 2040 enerzjyneutraal wêze wol?</p> <p>5. Hoe ferhâlde de plannen fan Waadhoeke har mei it bod fan de RES-regio Fryslân?</p>
Yntsjinner(s)	<p>(fraksje / namme / hântekening)</p> <p>FNP, Rein van der Wal / Sijbe Knol</p> <p>CDA, Maaïke Prins</p> <p>VVD, Klaas Kielstra</p> <p>50PLUS, Theun Wiersma</p>

<sup>1</sup> 19 mei 2020, *Duurzaamheidsagenda Waadhoeke*, oannaam troch de gemeenteried op 2 july 2020.

--	--

Datum	13 april 2021
-------	---------------